



de Eern

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 11, nûmer 40, maart 2008

Maaie 1968: romte en frijheid

De lêste wiken hawwe de kranten folop omtinken jûn oan de studinteopstân fan maaie 1968. Fan 't maityd is it fjirtich jier lyn dat der yn de westerske kultuer wat trochbriek, dat like op it begjin fan in nije tiid, in omslach yn it tinken. Al in tal jierren hong der wat yn de loft, dat doe ta in útbarsting kaam. Yn wêzen wie it de neioarlochske generaasje dy't 'mûnich' begûn te wurden en dy't net libje koe mei de tradysjonele wearden en noarmen, dêr't de âldere generaasje mei opbrocht wie. De jongerein koe om samar te sizzen net sykhelje yn it besteande kulturele klimaat fan benaudens en benyptens, lytsboargerlikens en neargeastigens.

Histoarysk jier

Yn dyselde maityd wie it dat Martin Luther King, de man dy't opkaam foar de rjochten fan de kleurlingen yn de U.S.A., de profetyske wurden spriek: "*I have a dream*" en koart dêrnei troch in tsjinstanner fermoarde waard.

Yn dyselde snurje waard ek Robert Kennedy fermoarde. Yn Praach wie in opstân en in stribjen nei 'in kommunisme mei in minsklik gesicht' (de Praachske maityd). De Vietnamarloch wie oan de gong en der wie hjir frijwat krytyk op it Amearikaanske optreden dêre.

Lykas M.L. King libben frijwat jongeren mei in utopiskyske dream en radikale ideeën oer in bettere en frijere wrâld. Dat utere him yn protest en rebelly tsjin de besteande maatskiplike struktueren en ynstututen, tsjin de fanselsprekkendheid fan it tradysjonele gesach, tsjin de besteande moraal ensfh.

Ynspraak en demokratisearing waarden rûnom bestribbe yn organisaasjes en bedriuwen, mar benammen ek yn it ûnderwiis. It feminisme krige nije ympulsen. Ek op seksueel gebied feroare de moraal folslein.

Om koart te gean: de neioarlochske generaasje woe mear frijheid en mear persoanlike ferantwurdlikheid en liet him net langer beskoalmasterje (*betuttelen*) troch fanalles en elkenien.

Keninklike ûnderskieding

Op 25 april krige Hylkje Bruinsma-Welling in keninklike ûnderskieding. Dit fanwegens har jierrenlange ynset foar ús gemeente. Hja hat de sneinsskoalle dien, yn de diakonij sitten, âlderlinge west en op it lêst noch jierrenlang tsjerkfâd. Doe't hja in pear jier lyn oanjoech fanwegens har leeftiid wol ophâlde te wollen en hja har taken oerdroech oan oaren, die pas bliken hoefolle administratyf wurk hja al dy jierren ferset hie: de administraasje fan de tsjerkfâdij, de preekregelderij, alderhande skriuwerij en fan alles en noch wat dat gjin namme hat, mar dat wol dien wurde moast. Hja die it mei in grut ferantwurdlikheidsgefoel, wie tige krekt en neat wie har tefolle. En nettsjinsteande har lichaamlike kwalen, bleau hja altiten optimistysk. Ek yn tiden, dat hja der yn Earnewâld frijwol allinne foar stie. Har optimisme hat fertuten dien, want de groep dy't de tsjerke no draaiend hâldt, is aardich grutter as 20 jier lyn.

Yn it djipste geheim

Carolina Bergsma en ik wiene sadwaande fan betinken dat in 'lintsje' har wol takaam en wy hawwe sadwaande de nedige prikken dêrfoar yn it wurk set. Dat moast fansels yn it djipste geheim en bûten de oare tsjerkeriedsleden om (dy soene it der wol mei iens wêze, gongen wy mar fanút), sa waard ús 'fan hegerhân' op it hert bûn.



It wie in hiele prosedure, mar by eintsjebeslút wie it op 25 april dan safier dat de ûnderskiedings útrikt wurde soene op it gemeentehûs te Burgum.

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Griffomearde tsjerke.

29 juny	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
6 july	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân tsjinst mei brea en wyn
13 july	9.30 oere	Ds. P. Hekstra, Ljouwert	Fryske tsjinst
20 july	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
27 july	9.30 oere	Ds. C. Nieboer, Beetstersweach	Fryske tsjinst
3 augustus	9.30 oere	Dhr. J. Lautenbach, Aldwâld	Frysk Oek. Wurkferbân
10 augustus	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
17 augustus	9.30 oere	Ds. A. Terlouw, Dronryp	Fryske tsjinst
24 augustus	9.30 oere	Ds. C. Nieboer, Beetstersweach	Fryske tsjinst
31 augustus	9.30 oere	Da. J. Groenveld-Kiestra Hurdegaryp	Fryske tsjinst
7 septimber	9.30 oere	Ds. J. Koops, Easterwâld	Frysk Oek. Wurkferbân
14 septimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Griff., startsnein
21 septimber	9.30 oere	Frou C. de Boer-Bergstra, Skearnegoutum	Fryske tsjinst
28 septimber	11.00 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	(Fryske) tsjinst mei brea en wyn
5 oktober	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
12 oktober	9.30 oere	Frou R.C. de Vries-Martinie, Drachten	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke

Jeften

De Peaskekollekte hat yn totaal € 365,50 opbrocht.

Yn maaie hat it Wurkferbân foar de earste kear € 290 oermakke nei Tsjerke yn Aksje foar ús goeie doel yn Rwanda.

Tsjerkeried en bestjoer fan it Wurkferbân wolle elkenien tanksizze foar har bydragen.

Bestjoerswiksels

Neffens it karbrief fan it FOWE hearre bestjoersleden om de safolle jier ôf te gean. Diskear hat Jelle Siderius - dy't ek al tsjerkeriedslid is - der foar keazen om der mei op te hâlden. Gelokkich wie it gjin inkeld probleem om ferfangers te finen.

Sûnt koart binne Margryt Bergsma fan De Pein en Gerbrich Kobus fan Garyp nij yn it bestjoer fan it Wurkferbân. By de Earnewâldster Rûnte hat Geeske Mulder ôfskied nommen. Foar har yn it plak komt Bart Dertien fan Drachten.

De ôfgeande bestjoersleden sizze wy tank foar alle wurk dat hja út 'e wei set hawwe en de nijen winksje wy sterkte by alle wurk dat se noch foar ús út 'e wei sette sille.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earn* graach ynleverje foar 15 septimber 2008.

Wizigings preekrige

Op 14 septimber hâlde wy de startsnein foar it nije winterskoft mienskiplik yn de Griffomearde tsjerke. Fjirtjin dagen letter - 28 septimber - sil der yn de Herfoarme Tsjerke in tsjinst mei brea en wyn hâlden wurde (om 11 oere!).

Mienskiplike gearkomste

Al in pear jier is it wenst dat alle Fryske Wurkferbannen ien kear yn it jier in mienskiplike gearkomste hâlde. De foarige gearkomste wie yn Hegebeintum en dit jier sil de gearkomste yn Itens hâlden wurde en wol op 15 oktober o.s. Neiere meidielings oer it program folgje, mar set de datum alfêst even yn it bûsboekje.

Finansjeel jierferslach

De tsjerkeried hat de jierrekken oer 2007 goedkard en leden dy't it graach ynsjen wolle, kinne dat dwaan troch kontakt op te nimmen mei Carolien Bergsma of Koos Landheer. It bestjoer fan it Wurkferbân hat de jierrekken 2007 fan it Wurkferbân en it jierferslach 2007 - 2008 fan de Earnewâldster Rûnte goedkard. Dizze ferslaggen binne op te freegjen by Tine van Minnen.

Rektifikaasje

Yn de lêste Earn hawwe wy by it 2e artikel oer "Leauwe yn in God dy't net bestiet" de namme fan de auteur - Yvonne Hiemstra - fergetten.

ferfolch fan side 1

Weromsjend op dy tiid

Der wurdt no efternei wol sein, dat de yndividualisearring en de frije moraal har doe pas goed trochset hawwe en it is de fraach oft dat wol sa'n seine west hat. Der wurdt dan wiisd op wat der wol net feroare is op it gebied fan ûnderwiis en opfieding; op de ûnttsjerkliking dy't him sûnt dy tiid trochset hat en op alderhande ûntspoarings op moreel en seksueel gebied (alles kin tsjintwurdich mar).

Sels bin ik ien fan de minsken dy't dat destiids allegearre frij bewust meimakke hat. Ik siet op de Drachtster kweekskoalle en hie al dúdlike plannen om dêrnei te studearjen oan de universiteit (dy mooglikheid wie yn dy tiid noch hielendal net sa fanselssprekkend). Mar ik belibbe wat der yn 1968 yn de wrâld om my hinne barde as in befrijing, in beweging dêr't ik ek yn stean woe. Lykas safolle hearde ik foar myn gefoel ek by dyselde protestgeneraasje en liet lykas safolle ek myn burd stean. Dat ik dy no fjirtich jier letter noch altiten draach, hat te krijen mei myn ynderlike trou oan de idealen út dy tiid, dy't ik foar mysels altiten graach gearfetsje yn de wurden: **romte** en **frijheid**.

Rienk Klooster

ferfolch fan side 1

Alhiel ferstiuvere

Mei it ferhaal dat ik in boek skreaun hie oer in tsjerkehystoarysk ûnderwerp en dat ik it op priis stelde om har in earste eksimplaar oer te langjen, waarden Jan en Hieke nei Burgum ta troand, dêr't de bern, bernsbern en fierdere femylje yn de riedseal sieten te wachtsjen. Ik sjoch noch hoe't de doar iepengong en Jan en Hieke (yn selskip fan noch in stikmannich dy't ek 'riddere' wurde soene, ûnder oaren ús tydlike oargelist Popke Kobus) ferheard de seal ynseagen en dêr ynienen each yn each stiene mei de foltallige femylje, allegearre kreas yn de pronk.

In grut momint wie it foar allegearre doe't boargemaster Polderman nei syn taspraak Hieke en dy fjouwer oaren dy't har op in soksoartige wize ferstjinstlik makke hiene, de ûnderskieding opspjelde.

Mar hiel bysûnder fûn ik de reaksje fan Hieke sels, doe't ik har mei in dikke tút lokwinske en nochris betanke foar alles wat se dien hie foar ús gemeente.

Hja sei: 'Dit hie net hoegd'.

Ik sei tsjin har: 'Dêrom krekt'.

Rienk Klooster

† Ferstoarn

Op 30 maart is yn it sikenhûs 'Nij Smellinghe' ferstoarn Kornelis (Kor) de Boer út Aldegea, 71 jier âld.

Kor hat jierrenlang buorke op 'ús' tsjerkepleats yn Aldegea en fielde him benammen de lêste jierren tige ferbûn mei ús gemeente en siet sneins dan ek gauris yn tsjerke.

Yn de rin fan febrewaris fan dit jier die bliken dat er in slimme sykte hie en dat er net wer better koe. Op 4 april is er nei in routsjinst yn de herfoarme tsjerke yn Aldegea te hôf brocht. Wy winskje de neibesteanden sterkte ta yn de dagen fan leechte en gemis.

Gedicht

Yn de *NRC* fan 21 maaie stie in gedicht (it kaam út de rouadfertinsje fan J.A.A. van Doorn) dat my tige trof. It is fan de hân fan de Dútske skriuwer Hans Sahl en it hjit

Strophen

*Ich gehe langsam aus der Welt hinaus
in eine Landschaft jenseits aller Ferne,
und was ich war und bin und was ich bleibe,
geht mit mir ohne Ungeduld und Eile
in ein bisher noch nicht betretenes Land.*

*Ich gehe langsam aus der Zeit heraus
in eine Zukunft jenseits aller Sterne,
und was ich war und bin und immer bleiben
werde,
geht mit mir ohne Ungeduld und Eile,
als wär ich nie gewesen oder kaum.*

Om dizze prachtige Dútske rigels oer te setten falt net ta, mar yn it Frysk is it soks as:

*Stadich gean ik wei út dizze wrâld
nei in lânskip efter fiere fierten,
en wat ik wie en bin en wat ik bliuwe sil
giet mei
net ûngeduldich en net rimpen
nei in lân dat oant no ta
net benei te kommen wie.*

*Stadich gean ik út de tiden wei
nei in takomst fierder as de stjerren,
en wat ik wie en bin en altyd bliuwe sil,
giet mei
net ûngeduldich en net rimpen,
as hie ik nea bestien of amper.*

Deltein yn de hel . . .

Yn de Apostolyske Leauwensbelidenis komme wy ek in leauwensartikel tsjin dêr't yn meidiel wurdt dat Jezus nei syn dea oan it krús 'deltein is yn de hel' (*'nedergedaald ter helle'*).

Wêr komt dy gedachte wei en hoe bibelsk is dy? Wêr yn de bibel giet it oer de hel en wat betsjut dat dan? Wat moatte wy hjoed ferstean ûnder de hel? In bytsje nuver ûnderwerp miskien, mar der is wol it ien en oar oer te sizzen. Op 18 maaie fan dit jier haw ik dêr yn Earnewâld dizze preek oer hâlden. Bûten de wurden fan de Apostolyske leauwensbelidenis haw ik as skriftlêzings brûkt: Psalm 18: 1-7; 1 Petrus 3: 18-20 en 4:6.

De Apostolyske Leauwensbelidenis

Ik leau yn God de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.

En yn Jezus Kristus, syn ienichstberne Soan, ús Heare;

dy't ûntfongen is fan de Hillige Geast, berne út de faam Maria;

dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, **deltein yn de hel**; de tredde deis wer opstien fan de deaden; opfearn nei de himel, sittend oan de rjochterhân fan God, de almachtige Heit; dêr't Er wei komme sil om te oardieljen de libbenen en de deaden.

Ik leau yn de Hillige Geast.

Ik leau de hillige katholike Tsjerke, de mienskip fan de hilligen;

de ferjouwing fan de sûnden;

de weropstanning fan it flêsk;

en it ivige libben.

PREEK

Gemeente. It is nuver dat de foarstelling fan hel en hellefjoer sa libbet by in soad minsken, benammen bûten de tsjerke. Minsken tinke dêrby dan oan in freeslik oard yn it hjirneimels, dêr't ûnleauwigen en oare dogeneaten nei harren dea hinne geane. In plak dêr't it fjoer heech opstooft is en dêr't alderhande duvels binne om harren slachtoffers te roasterjen, te pinigjen en te tramtearjen. Mar minsken dy't braaf nei tsjerke geane, dy't alles leauwe wat dêr ferkundige wurdt en wat der yn de bibel stiet, dy hoege net bang te wêzen foar it hellefjoer, want dy komme skielk yn de himel. En dêr is it prachtich moai.

Hoe komme minsken by ditsoarte fan foarstellings en ideeën?

Ik tink dat de tsjerke dêr sels skuld oan hat.

Yn de Midsieuwen bygelyks (benammen it tiidrek fan 1000 oant 1500) wie de eangst foar it hellefjoer hiel grut. Dat kin men hjoeddedei noch sjen oan de foarstellings op de alterstikken út dy tiid. Dêr sjocht men dan boppenoan de oardieljende Kristus, dy't mei de iene hân minsken ferwiist nei de himelske hearlikheid, mar mei de oare hân minsken it hellefjoer ynstjoert. De hel wurdt dan ôfbylde as in grut meunster mei de bek wiid iepen. En dêrbinnenyn sjocht men in grut fjoer mei alderhande gnizende duveltsjes mei hoarntsjes en pylksturten en fansels dejingen dy't ta de hel feroardiele binne.

Men soe sizze kinne: Och, dat wiene de âlde tiden! Mar fersin jin net, der wurdt yn de tsjerken noch altiten hel en ferdommenis preke! Ik tink dan wolris: Wat hawwe in soad minsken sadwaande net libbe mei eangst foar de dea. En ek hjoeddedei binne der noch frijwat minsken, dy't op ien of oare wize bang binne foar dea, oardiel, hellefjoer en soksawat. It heucht my noch dat Freek de Jonge yn in konferânse opmurk, dat wy net bang wêze hoegden foar it hellefjoer: Och, sei er, hoelang brânt in minske? Dat is gau besjoen. Boppedat is it dêr lekker waarm yn de hel. It soe bêst wêze kinne dat minsken dy't yn de himel binne, dêr graach wol hinne wolle. Sa fan: 'Stjoer my dêr mar hinne. Lekker smûk!'

Fan Petrus nei de leauwensbelidenis

De belidenis seit dus oer Jezus dat Er 'deltein is yn de hel'. En fan ivichheid oant sillichheid, sa faak as it Apostolikum foarlêzen wurdt, klinke de gemeente dy wurden yn de earen. Mar wat betsjutte dy wurden? Wol dat sizze dat Jezus op Goed freed nei ôfrin fan de krusiging en de grêflizzing noch op ekskurzje west hat nei de hel om dêrnei op Peaskesnein wer presint te wêzen hjir op ierde? Men soe it suver hast tinke. En wêr hawwe de opstellers fan it Apostolikum dizze wysheid wei? It falt jin trouwens op dat yn de nijere ferzy's fan it Apostolikum stiet dat Jezus deltein is yn 'it ryk fan de dea'. Dat klinkt al frijwat oars. De foarstelling fan dat útstapke tusken Goed Freed en Peaske is ûntliend oan de neifolgjende fragminten út it earste Petrusbrief:

I Petrus 3:18-20 en 4:6

*" . . . Kristus is ommers ek ienkear foar ús stoarn foar de sûnden, as rjochtfeardige foar ûnrjochtfeardigen om jimme ta God te bringen. Nei it lichem is Er deade, nei de geast is Er libben makke. Sa koe Er ek nei de geasten yn it **deaderyk** tagean en har syn boadskip ferkundigje. Dat wienen de geasten fan har dy't*

ienris nei God net harkje wollen hienen, doe't Hy ferduldich wachte yn Noäch syn dagen, wylst dy dwaande wie mei it bouwen fan de arke. Yn dy arke binne mar in stikmannich minsken – acht meiinoar – rêden troch it wetter...

. . . Want dêrom is ek oan minsken dy't no al stoarn binne, it bliid boadskip brocht, dat sy wol, as alle minsken, oardiele wurde soenen nei it lichem, mar dochs, lykas God, nei de Geast libje soenen

Der wurdt ús dus meidiel dat Jezus yn it deaderyk west hat om dêr oan de deaden syn boadskip te ferkundigjen. En dan giet it, sa stiet der, om minsken dy't net nei God harkje woene lykas yn de tiid fan Noach. Noach boude mei syn soannen oan de arke en warskôge de minsken foar de grutte wetterfloed dy't komme soe. Mar de ûnleauwigen laken him fjouwerkant út. En sadwaande waarden allinne Noach en syn neiste femylje rêden fan de ferdrinkingsdea. Nei dizze ûnleauwigen soe Jezus tusken Goed Freed en Peaskesnein ta west ha om oan har it evangjele te ferkundigjen en har te bekearen.

Ik tink dat frijwat fan ús de earen begjinne te flapperjen. It is dan ek in bizar ferhaal, mar it stiet hjir wol. Blykber wie yn in skier ferline dy foarstelling oer de 'hellefeart' fan Jezus wol sa wichtich, dat er opnommen is yn de Apostolyske Leauwensbelidenis. Mar wat ik hjoed mei dizze ynformaasje moat, ik soe it net witte. En dat is dan it safolste beswier fan myn kant tsjin it liturgyske gebrûk fan dizze âlde leauwensbelidenis, samar en sûnder der fierder by nei te tinken. Mar tagelyk bin ik my der wol fan bewust, dat sokke wurden jin wol oan it tinken sette. Want nochris, wat is krekt dy hel, dêr't de ieuwen troch sa bot oer preke is en dêr't safolle minsken bang foar west hawwe en noch bang foar binne.

Sje'ool wurdt hades wurdt hel

Ik bin op de sneup gien yn de bibel sels en haw my ôffrege wat der stiet yn it Hebrieusk (Alde Testamint) en yn it Gryksk (Nije Testamint) en wêr, hoe en yn hokfoar ferbân oft dy wurden brûkt wurde. Dat is in hiel geplús en in hiel ferhaal, dêr't ik jim fierder net mei lêstich falle sil. Mar wol in pear dingen dêroer. Ik kaam derefter dat de foarstelling fan de hel as in plak fan ivige straf nei de dea amper of hielendal net foarkomt yn de bibel: yn it Alde Testamint seker net en yn it Nije Testamint yn wêzen ek net.

De wurden dy't dêr almeast foar brûkt wurde en dy't foarhinne oerset waarden (yn de

Steatebibel bygelyks) mei 'hel': *sje'ool* yn it Hebrieusk en *hades* yn it Gryksk, betsjutte soks as 'grêf'. En dan net as in grêfstee op in tsjerkhôf, mar mear yn de algemiene betsjutting fan it plak en de tastân fan de dea. *Sje'ool* en *hades* kin men soms ek oersetten mei: 'it ryk fan de dea'. Yn it bibelske wrâldbyld – men wist net dat de ierde rûn wie - wurdt de *sje'ool* foarsteld as in plak ûnder de ierde.

Bangmakkerij

Mar hoe komme wy dan by dy freeslike foarstelling fan it hellefjoer as in plak fan ivige straf en piniging en mei duvels? Ik wol net sizze dat der alhiel gjin oanknopingspunten binne yn it NT, mar ik haw earder it idee dat it berêst op misferstannen, ûnkunde, ferkearde oersettings en ynterpretaasje, en dat it in útfining is fan de tsjerke. En it spyt my dat ik it sizze moat, mar it hat neffens my ek te meitsjen mei klearebare yntimidaasje (bangmakkerij). Yntimidaasje fan de kant fan de geastlikheid, dat seker. Mar ek de gewoane leauwigen hawwe elkoar dermei drige en bang makke.

Ik haw in man kennen, dy't my fertelde dat syn mem him as lyts jonkje, as er wat útfretten hie of net om lyk woe, plichte te driigjen mei it hellefjoer. Sa fan: *'Daenk deromme mien jongien as ie dat weer doen, dan kom ie laeter in et grote vuur!*

Datselde warskôgjen en driigjen moat ek de opset west ha fan dy âlde Midsieuske alterstikken oer it hjirneimels, dêr't wy it oer hiene. De minsken dy't yn dy tiid lêze noch skriuwe koene waarden op dy manier yntimidearre en tagelyk oanfitere om trou harren kristlike ferplichtings nei te kommen. En allyksa hawwe dy âlderwetske tongerpreken makke dat der noch altiten minsken binne, dy't bang binne foar de dea. En alhoewol't ik sels sokke minsken mar selden tsjinkommen bin, wit ik út berjochten en ferhalen mar al te goed dat dit ferskynsel gauris foarkomt.

'Hel' is dus in ferkearde oersetting fan *sje'ool* en *hades*. De goeie oersetting is 'grêf' yn it algemien of 'ryk fan de dea'.

It deaderyk fan David

Mar dan wolle wy no sjen hoe't dat wurd krekt brûkt wurdt yn Psalm 18.

'In psalm fan David, stiet derboppe, doe't hy rêden waard út de macht fan kening Saul'.

En wy lêze:

Ik haw Jo ynlik leaf, Heare, myn sterkte, Heare, myn rots, myn stins, myn rêder...

De Heare dy't te loovjen is, haw ik roppen en ik bin fan myn fijannen ferlost.

*Bannen fan de dea besetten my,
floeden fan ferdjer kamen my oer it mad,
stringen fan it deaderyk omfetten my
falstrikken fan de dea strûpten om my hinne.
Doe't it my oanfleach rôp ik oan de Heare,
oan myn God skreaude ik om help.*

Ik freegje jim omtinken foar de wurden:
'stringen fan it deaderyk omfetten my'
Gemeente, wat is hjir oan de hân?
De dichter (lit it David west ha) bekriuwet syn
ellindige sitewaasje. Hy wurdt bedrige troch syn
fijannen. En hy ferlikenet dy sitewaasje mei it
ferkearen yn it *sje'ool*, it 'ryk fan de dea'.
It opfallende is dat er 'it ryk fan de dea' ('de hel',
om samar te sizzen) hjir brûkt yn in figuerlike
betsjutting. Hy hat it oer it libben fan no en
hjiirre. Der binne guon dy't him it libben
ûnmooglik meitsje. Saul makket him it libben
om samar te sizzen ta in hel. David is op de
flecht, hat gjin dak boppe de holle, hy wurdt
bedrige en libbet yn grutte ûnsekerheid.
Dat is wat hjir sein wurdt.
Gemeente, dat is in gedachte dy't my tige
oansprekt en rekket. Ik bedoel de gedachte dat
de 'hel' ofwol it 'ryk fan de dea' in sitewaasje is,
dy't hjir op ierde oanwêzich is. En dat it de
minsk binne dy't elkoar dat oandwaan kinne.
Dat is wat wy lêze yn Psalm 18:6.

De hel fan Sartre

Dêrby moast ik fuortendaliks tinke oan in hiel
bekend tonielstik fan de grutte filosoof en
skriuwer Jean Paul Sartre (1905-1980). Yn syn
toniekstik *Huis clos* ('Tichte doarren') beskriuwet
er de hel, it deaderyk. Hy hat it hielendal net oer
in fjoer mei duvels en soksawat. It is in
gewoane hûskeamer.
Trije minsken dy't krekt stoarn binne, wurde der
troch in boade ynlitten. It begjint sa:
'Dus dit is it dan!' en 'Ja, dat is it!'
Foar ivich moatte dy trije minsken, twa froulju
(Estelle en Inés) en in manspersoan (Garcin) yn
dy keamer bliuwe. Mar se misse guon dingen:
de beide froulju hawwe bygelyks gjin spegeltsje
en Garcin hat gjin toskeboarstel. Der binne
alderhande problemen en der ûntsteane
irritaasjes, dy't op it lêst útrinne op grutte
konflikten. Der ûnstiet in ûnhâldbere sitewaasje.
De trije minsken fersteane elkoar net. Hja
draaie wat om yn in rûntsje. Der is gjin
tanadering en gjin gearwurking. Der is allinne
mar skeel en argewaasje. Garcin begjint yn syn
wanhoop op de doar om te bûnzjen. Hy wol
derút, mar der is gjin mooglikheid om te
ûntkommen. De trije minsken binne foar ivich ta
elkoar feroardiele. De sitewaasje is útsjochleas.
De bekende lêste sin is: *Eh bien, continuons.*
'Hawar, wy moatte mar fierder'.

Minsken meitsje de hel: net God

De probleemstelling yn dit stik: de relaasje mei
de oar. Sartre wol mei dit stik krekt sizze:
'De Hel, dat binne de oaren' (*L'Enfer c'est les
Autres*).

It is dus in stik mei wat in tryste boadskip en
fansels ek hiel iensidich (minsk kinne
ommers ek in hiel soad foar elkoar betsjutte),
mar wol mei in djippe wierheid. Ommers
minsk kinne elkoar it libben ta in hel meitsje.

De hel dat is Verdun, Passendale . . .
De hel dat is Auschwitz, Sobibor, Treblinka . . .
De hel dat is Sebrenica . . .
De hel dat is Irak, de hel dat is Darfour . . .
Minsken kinne elkoar it libben ta in hel meitsje.
De hel bestiet echt. En ik doar wol te sizzen dat
de hel, it ryk fan de dea, folle tichter by is as wy
tinke. Sokke Afrikaanske minsken dy't
okkerdeis fuortpest binne út Waspik, ik neam
mar ris wat, hat dat net wat te meitsjen mei in
hel? Trouwens foar oeral dêr't narre en treitere
wurdt, meitsje minsken elkoar it libben dêr net
ta in ûndraachlike hel? En dyselden dy't nocht
hawwe oan sadisme, binne dat yn wêzen gjin
duvels?

It sûndebokmechisme, dat minsk treffe kin
dy't der wat útkypje, dy't allinne steane,
kwetsber binne en sadwaande gjin ferwar
hawwe, dat is ommers neat minder as in
duvelske oangelegenheid, in mechisme om
oaren de hel oan te dwaan.
Sadwaande kin de wurksitewaasje foar guon ta
in hel wurde. En kin foar frijwat bern de skoalle
in hel wêze. Mar de hel kin ek hiel gewoan de
sitewaasje thús wêze. In houlik kin ûntaardzje
yn in hel. Bern kinne opgroeie yn in hûshâlding
dy't neat minder is as in hel.

De hel is hjir op ierde. De hel is om ús hinne.
De hel is miskien wol yn ús eigen bestean, of
yn it ferline fan ús bestean.

L'enfer, c'est les Autres. De hel dat binne de
oaren. De hel wurdt makke troch minsken.

De belidenis seit dat Jezus deltein is yn de hel
ofwol it ryk fan de dea. Ik sei dat ik my dêr net
safolle by foarstelle koe.

Mar dat is net hielendal wier.

Wat der barde op dy Goed Freed: it ferried,
de mishanneling, de feroardieling en by
eintsjebeslút dy uterst wrede en sadistyske
krúsdea op Golgotha, dat wie de hel.

De hel, dat wiene de oaren.

Amen

*As jim minsken dy't de Earn net lêze op dizze
preek wize wolle, hy is ek te finen op hiemside*

www.fowe.org

"De karre fan Jiskepûster"

ynstjoerd troch Yvonne Hiemstra

It ûndersteande stikje krige ik trochstjoerd fan in dierbere freondinne fan my. Hja studearre mei my yn Grins en ús petearen wienen djip, ryk en tige weardefol. Seker foar myn groei en syktocht troch it wâld fan de teology. It ferskil yn âldens makke neat út foar de freonskip, al kamen we der somtiden efter dat it wol fan ynfloed wie op hoe 't wy de teology út it froulike perspektyf wei ferstienen. De striid wie itselde, mar de wize dêr't de striid op fierd wurdt hie somtiden wol te krijen mei leeftiid.

Nei oanlieding fan it 25 jierich jubileum fan de Catharina Halkes learstoel, skreau Coby Jacobs-Gravesteijn ûndersteande oertinking út in persoanlike belibbing wei. It lit sjen hoe ticht teology, struktueren fan wittenskiplike ynstituten mar ek it persoanlike leauwen en it libben fan al den dei byinoar lizze. Faaks kin it oaren ynspirearje. Mear oer de learstoel kin men fine op de hiemside fan it IWFT vrouwennetwerk Theologie.

De karre fan Jiskepûster

Op tongersdei helle ik myn beppesizzer fan skoalle. Hy hie in wurkje makke. Op myn fraach "Wat is it?" moast er even neitinke: "De karre fan Jiskepûster". It wie rûn en der wie in gouden kroantsje op en der rûn in brún bist foar. En yn syn eigen letters, hy begjint lyts en einiget grut, stie syn namme der by: daniEL. Mijn rjochter is God (Elohiem, de God fan 'e Goaden en Goadinnen).

Dat er "karre" sei en gjin "koets", rôp bij my assosjaasjes op oan de karren dêr't froulju op nei it skavot of de brânsteapel transportearre waarden. Marie-Antoinette, Jeanne d'Arc, heksen en folle oaren. Gjin gloarjetocht foar de breid fan de Prins.

Yn ién fan syn preken tsjin de ferhearliking fan Maria as "Himmelkönigin", neamde Maarten Luther har in "Aschenbrödel" (Jiskepûster). Oft it mearke der earder wie as de preek, wit ik net, mar dy beneaming makket myn assosjaasje rûn.

Learstoel Feminisme yn Nimwegen

Op freed 23 maaie 2008 waard yn Nimwegen it 25 jierich jubileum fan de Catharina Halkes learstoel foar Feminisme en Kristendom fierd. De beppe (Groot-Moeder) fan de feministyske teology wie der ek, fanwegen har hege âlderdom ûnder begelieding en fersoarging en omriden yn in rolstoel troch heechgelearde froulju. Op hannen droegen troch in soad yn it moed taaste froulju.

Ik moete har foar it earst, wenne altyd te fier fan Nimwegen ôf, en hie it drok mei myn gesin en mei myn stúdzje teology. Professor Halkes skreau my yn 1979: "wennen jo mar tichter by Nimwegen, dan soe ik jo graach útnoegje foar in lês- of harkkolleezje"

PKN: ieuwenâld en ferstienne

Op de jubileumdei die bliken dat de learstoel noch altyd in bysûndere is, foar in part betelle út partikulier jild (fan de Uny fan Katolike Froulju). Feministyske teology is dus noch altyd in styfbern. Net allinne yn Nimwegen, mar ek yn Grins, Utert en Tilburch. Feministyske teology is in fak yn de marzje. Jonge minsken kenne it wurd sels net. Offisjeel hjit de learstoel no ek "foar religy en gender" en hy is yntegrearre, dus noch fierder ûnsichtber makke.


Mei it akademysk bedriuw en mei de Rooms-Katolike Tsjerke haw ik sûnt myn ôfstudearjen yn 2002 neat mear te krijen, wol mei de PKN en mei Passage, de protestantske frouljusbeweging.

Fan Feministyske Teology witte se dêr net. Hoewol't wy feministyske teologen yn de PKN in soad bydrage kinne soenen oan de oekumenyske gearwurking, om't wy al jierrenlang oekumenysk wurkje, heart men der amper in frouljuslûd en seker gjin feministyske. PKN is in saak fan manlju, geleard en/of otterdoks. In homo-sosjaal barren. Ieuwenâld en ferstienne. Op 'e râne fan it fallissemint.

Blommen sille bloeie

Freondinnen yn Passage sizze dat ik de term "feministyske teology" mar net mear brûke moat, miskien mei ik der dan wòl wat dwaan . . . Lit my mar in Aschenbröbel bliuwe, it is wol bêst sa. Sûnt fjouwer wiken wenje ik yn dit hûs en der is in grutte tún mei in soad efterstallich ûnderhâld. Yn dy tún kom ik myn Peetmuoike tsjin en hja wiist my op al it moais dat út de gaos fuortkomt, dêr't ik wjudzje en snoei. De mûzen stean al klear om de koets te lûken. Reade roazen ljochtsje op mids huls en hortinsje. Út Almere haw ik roazige simmerbollen meikrigen.

"Mij spreekt de
blomme een tale
mij is het kruid
beleefd
mij groet het
altemale
wat God
geschapen
heeft....."



Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwer/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra, foarsitter fan it wurkferbân
E-post: yvhiemstra@hetnet.nl

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

G. Kobus (0511) 52 15 82

M. Bergsma (06) 10 14 53 70

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnwâld:
Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

www.fowe.org

De skiedsmuorre wurdt ûndergroeven troch bloeiend flaaks, har woartels yn de grûn, har ranke en sterke stâlen wiuwend op de wyn en har lytse blommen blau en strieljend tsjin de skiere muorre. Har sied sil aanst in mannichfâld oan blommen oproppe. Har stâlen sille wite triedden wurde, foar in breidsklaad, in tabernakel, lekkens om ûnder te lizzen en de leafde te bedriuwen. Leafdefolle frouljushannen sille it stikelige flaaks bewurkje ta moaie, sêfte stoffen en wurkjes. En bibelskriuwers brûke flaaks as pars-pro-toto (in stylfiguer wêrby't in skriuwer in part fan it objekt neamt as er it gehiel bedoelt. Bygelyks de dakken fan de stêd, as de srkriuwer de huzen bedoelt. Red.) yn it ferhaal fan Jericho.

De karre fan Jiskepûster sil dat allegearre fierder drage. Nei it feest ta eare fan de Prins en fan Jiskepûster, Luther syn Aschenbrödel. Want God is ús Rjochter.

Daniel, lytse soan, wat hast in soad opropfen mei wurk fan dyn lytse beukerhantsjes. Lytse dochters, ik lit my graach ferliede om jim foar te lêzen en dan dream ik jimme dreamen. Alles is mooglik.

Coby Jacobs-Gravesteijn

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Us oargeliste

Lykas wy allegearre wol witte, is ús oargeliste Wiepkje op it heden noch siik en net by steat om te spyljen.

Neidat it in skoftke hiel krityk west hat en it derop like dat hja it net helje soe, kaam der ynienen hiel ûnferwachts in ferbettering yn de tastân. Wiepkje is no al in wike as wat wer thús, hat in rige bestielings hân en wachtet no ôf yn hoefier oft dizze behanneling oanslein hat. Hja is noch o sa wurch, leit it grutste part fan de dei op bêd. Om't se wikenlang oan de beazeming lein hat, hawwe har stimbannen in knoei hân. Dat komt wol wer goed, mar hja is noch net dúdlik te ferstean.

Wy kinne ús yntinke dat Wiepkje, Henk en Mark hiele spannende tiden belibje.

Wy winskje harren sterkte ta; wy tinke oan harren en bidde foar harren.

As jo dit strookje weromstjoere, krije jo it earste jier in fergees abonnemint op ús nijsblêd 'De Earn'

Nei it earste jier stelle wy in frijwillige bydrage fan in pear Euro yn it jier tige op priis.

Namme :

Bertedatum:

Adres :

Postkoade :

Wenplak :

Tillefoan :

Opstjoere nei ien fan de yn dizze Earn neamde adressen. Fia E-post kin ek.